

**Dyn idealen yn  
Ljouwert  
Ferkiezings-  
programma  
Gemeenterieds-  
ferkiezings 2017**



**Partij voor  
de Dieren**

# Ynhâld

Foaropwurd	1
Duorsum Ljouwert	2
Grien Ljouwert	7
Dierfreonlik Ljouwert	9
Soarchsum Ljouwert	12

# Plan B foar Ljouwert

**De Partij foar de Dieren is de ienichste partij yn Ljouwert dy't de belangen fan alle libjende wêzens, minsk én dier, as útgongspunt kiest foar it gemeentlik belied. Fan in planeet-brede fyzje út: ferbetterje de wrâld, begjin yn Ljouwert. Plan B. Omdat der gjin planeet B is.**

De gemeente hat as taak in oangename maatskippij mooglik te meitsjen foar minsk én dier. In feilige omjouwing dêr't minsken de moed en de ynfloed hawwe om de feroarings te beävesearjen dy't it libben foar elkenien noflikker meitsje.

Yn Ljouwert soest dy thús fiele kinne moatte. Mar in soad minsken hawwe dat de ôfrûne jierren net ûnderfûn. De kwaliteit fan libjen komt te faak pas op it twadde plak yn it gemeentlik belied. De soarterykdom fan dieren en planten komt mear en mear yn 'e ferdrukking troch hieltyd mear bebouwing en de oanlis fan diken. Beammen wurde kapt, grien wurdt opoffere foar nijbou. It wolwêzen fan minsk en dier wurdt oantaaste troch ferkear, lânbougif, dongfergesters en/of megastâlen yn 'e direkte omjouwing fan Ljouwert. De ferhastige oerstap nei skjinne enerzjy komt mar kwalik fan 'e grûn, wylst klimaatferoaring ûnbehearskber driget te wurden. De publike romte is de ôfrûne jierren hieltyd mear út hannen jûn oan kommersjele partijen of opoffere foar parkearplakken. Oeral dêr't auto's steane, kinne gjin bern boartsje. Der is in hiel soad wurk te dwaan yn 'e soarch, yn 'e oanlis fan grien en yn it klimaatneutraal meitsjen fan Ljouwert, mar nettsjinsteande dat steane minsken wurkleas oan 'e kant. Dêr moat feroaring yn komme!

De gemeente Ljouwert hat direkte en bepalende ynfloed op 'e leefomjouwing en it lok en wolwêzen fan 'e minsken en dieren dy't der wenje, mar giet dêr te faak achteleas mei om. It gemeentebestjoer stelt meastal net de belangen fan ynwenners foarop, mar koarte-termyn ekonomyske belangen. Dat moat oars. De gemeente heart der te wêzen foar har ynwenners en net oarsom. In leefber Ljouwert is it meast kostbere dat we hawwe en trochjaan kinne oan takomstige generaasjes.

## **Plan B foar Ljouwert. Fan minsksintraal nei ekosintraal.**

In leefber Ljouwert freget om drastysk oare karren. Om in Plan B. Tichtby hûs. Dat kin troch it griener meitsjen fan ús tunen en strjitten, troch te wurkjen oan skjinne lucht en skjin wetter, en by te dragen oan oplossings foar de wrâldwide klimaatûntwrichting dy't ek Ljouwert direkt rekket. Wannear't wy ús gebouwen benutte om enerzjy op te wekjen yn stee fan enerzjy te fergriemen, makket dat in wrâld fan ferskil. Wannear't wy it brûken fan dieren foar fermaak, iten, klean en eksperiminten tebekkringe, krije wy in gemeente dêr't net allinne de belangen fan 'e minsk yn sintraal steane, mar dy fan alle minsken. Us libben sil mear betsjutting hawwe, mear ûntspannen en solidêr wurde, mei mear wissichheden, moederaasje en duorsumens. Ljouwert wurdt in toanbyld fan duorsume karren asto dat wolst.

Do hast Plan B foar Ljouwert no yn 'e hannen. In programma sûnder dizzenige beloften dy't op 'e lange baan skood wurde. Gjinn 'kompromisme' as doel op himsels. Wól idealen dy't helber binne. Foar in gemeente dêr't it noflik wenjen is foar minsk en dier en dy't har ferantwurdlikheden net trochskoot nei oare oerheden of kommende generaasjes. Wy binne der fan oertsjûge dat it kin. En wy sille dêr ús uterste bêst foar dwaan.

Ljouwert, hâldt oan dyn idealen fêst!

Caroline de Groot  
Partij foar de Dieren Ljouwert

# Duorsum Ljouwert

**In duorsume gemeente hâldt yn har belied fan nó ek rekken mei har takomstige bewenners. In duorsum Ljouwert hat dêrom ambisjeuze doelen foar it sûner en skjinner meitsjen fan 'e leefomjouwing. Alle jierren wurde dêr grutte stappen foar set.**

In skjinne leefomjouwing is wichtich foar ús en foar de generaasje minsken en dieren dy't nei ús komme. Allinnich as wy ús ekologyske fuotprint lytser meitsje is der foar harren aanst genôch sûn iten, skjinne lucht en suver wetter. De gemeente moat hjirby de foarstap sette. Sy docht dit troch skjinne, biologyske en grûnbûn lânbou te stimulearjen. Troch miljeufersmoarging oan te pakken en troch mei in lokaal klimaatbelied de útstjit fan CO<sub>2</sub> en oare broeikasgassen werom te kringen. Troch te ynvestearjen yn in desintrale, miljeufreonlike enerzjyfoarsjenning, yn skjin iepenbier ferfier en in duorsume ynrjochting fan 'e romte.

## **Stevige rezjy foar duorsumens.**

De Partij foar de Dieren wol dat de gemeente mear opkomt foar dieren, natuer en miljeu. It befoarderjen fan kennis en kommunikaasje is krúsjaal om it jin bewust-wurden en duorsume fernijings te realisearjen dy't goed binne foar alle ynwenners, ek op 'e lange termyn. It gemeentebestjoer moat de foarstap sette om goed hâlden en dragen te stimulearjen.

- Der wurdt in wethâlder Dierewolwêzen, natuer en miljeu oansteld dy't útfiering jout oan in foarútstribjend dierewolwêzensbelied fan 'e gemeente dat fêstlein is yn in dierewolwêzensnota.
- Soarch foar dierewolwêzen wurdt yntegrearre yn it gemeentlik belied op it mêd fan lânbou, bou, natuer, miljeu, ekonomy, ûnderwiis en soarch.
- Ljouwert publisearret alle jierren oer de foardering op it mêd fan duorsumens en dierewolwêzen.
- It gemeentebestjoer stelt in nota Griene inisjativen op, dêr't sy de griene inisjativen yn beskriuwt sy en yn útleit hoe't dy bydrage oan in duorsumer Ljouwert.
- De gemeente nimt dieren op yn it rampeplan en yn draaiboeken fan helptsjinsten. Dêr wurdt de evakuaasje en it yn feilichheid bringen yn regele fan húsdieren en fan dieren yn 'e feehâlderij, yn parken, dieretúnnen, maneezjes en bernebuorkerijen.
- De gemeente befoarderet de gearwurking tusken diere-ambulânse, diere-asyls en helptsjinsten as (diere)plysje en brânwacht.

## **Duorsum ynkeapje en oanbesteegeje.**

De Partij foar de Dieren wol dat Gemeente Ljouwert it goede foarbyld jout troch har ynkeapjen en oanbestegingsbelied.

- Jildsaken fan 'e gemeente wurde op in maatskiplik ferantwurde wize regele. Gemeente Ljouwert bankieret by in bank dy't in transparant, miljeubewust en dierfrienlik belied fiert. Biologysk en fairtrade ynkeapje wurdt de noarm foar Gemeente Ljouwert. Lokaal produsearre produkten hawwe dêr de foarkar by.
- De gemeente brûkt dierproeffrije en biologysk ôfbrekberere skjinmakersprodukten en easket itselde fan skjinmakersbedriuwen dy't foar har wurkje.
- By oanbestegings troch Gemeente Ljouwert wurde hurde duorsumenskritearia hantearre.
- Duorsum wurkjende bedriuwen komme earder yn oanmerking foar opdrachten fan 'e gemeente.
- Iten yn it bedriuwrestaurant fan 'e gemeentlike organisaasjes is biologysk en regionaal of fairtrade produsearre en der wurdt op syn minst ien fleis- en fiskleaze dei ynfierd. Op 'e menukaart steane gjin bedrige diersoarten, lykas iel.
- Yn 'e gemeentlike organisaasjes wurdt gjin flessewetter mear skonken, mar kraanwetter.
- Yn 'e gemeentlike organisaasjes wurdt allinnich griene stroom brûkt.
- Gemeente Ljouwert befoarderet foar har amtners it wen-wurkferkear per fyts.

- Gemeente Ljouwert sil safolle mooglik papierleas wurkje. Ynformaasje fan 'e gemeente wurdt digitaal oanbean. Op termyn sil de digitale ynformaasje foarsjenning de papieren (fia hús-oan-húsblêden) ferfange.
- Gemeente Ljouwert giet oer op it brûken fan open source software.
- De gemeente skeakelet oer op it brûken fan elektryske auto's.

#### **Sûne en earlik iten.**

Sûne lânbou is giffrij, regionaal, wurdt útoefene mei respekt foar dieren en leveret de boer in earlik ynkommen op. De produksje fan fleis kostet in soad enerzjy, wetter en lânbougrûn en giet te'n koste fan dieren. In mear plantaardich itenspatroan is de wichtichste stap nei in duorsume wrâld dêr't elk genôch te iten hat.

De Partij foar de Dieren fynt dat de gemeente in wichtige rol hat by de transysje fan dierlike nei mear plantaardich iten.

- De gemeente ropt horeka-ûndernimmers en bedriuwen op alle wiken in fegetaryske dei yn te stellen.
- De gemeente stipet kampanjes dy't harren rjochtsje op in transysje nei in mear plantaardich itenspatroan.
- De gemeente wiist skoallen op harren ferantwurdlikheid om sûn iten oan te bieden oan harren learlingen.
- Der komme tappunten foar drinkwetter yn it sintrum, by stasjons en op oare drokke plakken. De itensbank wurdt troch de gemeente stipe. De klam leit dêrby op sûn en plantaardich iten.

#### **Miljeu beskermje.**

De Partij foar de Dieren wol goede kontrôle op en hanthavening fan 'e miljeufoarskriften.

- Fabriken en bedriuwen dy't in risiko foarmje foar de folkssûnens, de natuer of de leefomjouwing wurde yntinsyf kontrolearre.
- Ljouwert ferbiedet it oplitten en útdielen fan ballonnen .

#### **In lykwichtige wetterhúshâlding.**

Troch de klimaatferoaring wurde der hegere easken oan wetterbehear steld. De wetterhúshâlding moat taret wêze op opfang en ôffier fan mear wetter yn koarte tiid, en ek op 'e berging fan wetter foar drûge perioaden.

- It gemeentebestjoer stelt in wetterplan op dêr't feilichheid, natuer en miljeu sintraal yn stean.
- Der komt mear kapasiteit foar de opfang, it fêsthâlden en it ôffieren fan wetter. Griene dakken en plantfekken mei lytsskalich grien op strjitnivo meitsje diel út fan wetteropfangplannen.
- De gemeente soarget foar feilige putdeksels, ôfslútroasters of útklimfoarsjennings sadat podden en kikkerts net fêst komme te sitten yn strjitkolken of oare putten.
- By nijbou stelt de gemeente de eask dat der maatregels nommen wurde om foar te kommen dat skjûn reinwetter ôffloeit nei it rioel. By besteande bou stimulearet Gemeente Ljouwert maatregels om reinwetter en ôffalwetter te ûntkeppeljen.

#### **Net bouwe foar leechstân.**

De leechstân fan kantoaren en bedriuwsgebouwen yn Nederlân is in tanimmend probleem. Renovaasje en werûntwikkeling fan leechsteande gebouwen hat de foarkar boppe nijbou.

- Binnenstedsk bouwe wurdt de noarm. Hjirtroch wurdt de iepen, griene romte sparre. Steedlik grien wurdt part fan 'e gemeentlike Grienstruktuer. Bouwe yn 'e Grienstruktuer wurdt net tastien sûnder toetsing foarôf.
- It besit fan leechsteande kantoarpannen wurdt net langer fiskaal stimulearre fia ferlege ûnreplike saak-belesting (OZB). De ûnreplike saakbelesting fan bedriuwspannen komt foar 100 prosint foar rekken fan 'e eigener.

- De gemeente befoarderet ekologyske bou. Dat betsjut dat in gebou langer meigiet en foar in soad funksjes geskikt is. Duorsume grûnstoffen, dy't opnij brûkt wurde kinne, foarmje de basis.
- It wurdt ienfaldiger om lege kantoarpannen in oare funksje te jaan, lykas wenjen.

#### **Duorsum wenje.**

Wy wolle de wenningfoarried op syn minst enerzjyneutraal meitsje. Dat leveret miljeuwinst, banen en in legere enerzjyrekken op.

- De gemeente stelt in koördinator oan dy't bewenners mei ried en died stipet wannear't sy harren wyk ferduorsumje wolle.
- Alle nij te bouwen wennings wurden op syn minst enerzjyneutraal.
- De ûnreplike saakbelesting (OZB) wurdt differinsjearre nei enerzjyferbrûk.
- Gemeente Ljouwert sil oan 'e slach mei it fergrienen fan har wiken.
- De gemeente stimulearet de oanlis fan griene dakken en gevels.
- Bij nijbou wurde nêstgelegenheden en sliep- en skûlplakken kreëarre foar dieren, lykas mosken, toerswellen en flearmûzen.

#### **Braaklizzend terrein nuttich brûke.**

Troch de krisis binne in soad bouprojekten stop set en lizze eardere bouterreinen braak. Dy perselen binne yn it bysûnder geskikt foar lyttskalige bewennersinisjativen.

- Braaklizzende terreinen wurde ta beskikking steld foar stedslânbou, natuerûntwikkeling en kollektyf behearde parken en natuerboartersplakken. Lytsere en tydlik braaklizzende terreinen wurde ynrjochte as bijefjildsjes.
- Omwenners wurde belutsen by de werûntwikkeling fan braaklizzende terreinen.

#### **Duorsume en desintrale enerzjyfoarsjenning.**

Alle dagen wer biede sinne, wyn en wetter genôch enerzjy. Mei de omskeakeling nei duorsume enerzjyboarnen beheint de gemeente de útstjit fan CO<sub>2</sub>. Troch tagelyk enerzjy te besparjen wurde wennings, bedriuwspannen en oerheidsgebouwen netto leveransiers fan enerzjy yn stee fan ferbrûkers.

- De gemeente makket in plan om it grûnstoffeferbrûk, it enerzjyferbrûk, de útstjit fan CO<sub>2</sub> en de ôffalstreamen te beheinen.
- Ljouwert krijt yn 'e kommende fjouwer jier in klimaatneutrale gemeentlike organisaasje. Dat betsjut dat de gemeente in soad enerzjy besparje sil, duorsume enerzjy brûkt en it restant oan útstjit fan broeikasgassen kompensearje sil.
- Dongfergêstingsynstallaasjes binne net tastien.
- Ljouwert stimulearet de bou fan wynmûne- en sinneparken op yndustryterreinen. By it pleatsen wurdt rekken holden mei de fûgeltrek en mei de mooglike oanwêzichheid fan flearmûskoloanjes. Fansels wurdt te foarren kommen dat omwenners oerlêst ûnderfine.
- De gemeente stimulearet de oprjochting fan bewennerskollektiven dy't ûnderling opwekke enerzjy útwikselje. Hjirtroch kinne hiele wiken enerzjy opwekje en diele.
- Boarings of proefboarings nei skalygas wurde net tastien binnen de gemeentegrinzen.
- Enerzjy dy't opwekke is troch de ferbrâning of fergassing fan restôffal, dong en/of dierlike resten is net duorsum en wurdt net stipe.
- Der komt in plan fan oanpak om ljochtfersmoarging tsjin te gean. Yn gemeentlike gebouwen brûnt jûns en nachts standert gjin ûnnedich ljocht. De gemeente ynformearret boargers en oerleit mei bedriuwen om ek dêr ljochtfersmoarging oan te pakken.
- Strjitferljochting yn it bûtengebiet wurdt binnen de ferkearsfeilichheidsmarzjes sa ôfsteld dat de ferljochting sa min mooglik hinder opleveret foar dieren.
- De gemeente stimulearet har boargers om wennings enerzjysunich te meitsjen.
- De gemeente ferklearet har 'fossylfrij' en ynvestearet net yn fossile brânstoffen of de fossile yndustry.

- Ljouwert stimulearet dat nijbouwiken oanlein wurde sûnder oansluting op it ierdgasnet.

#### **It op 'e nij brûken stimulearje.**

De grûnstoffen yn ús wrâld binne beheind. Wy moatte der sunich en soarchfâldich mei omgean.

- De gemeente sammelet ôffal en ôftanke produkten safolle mooglik skieden yn; dy materialen foarmje it startpunt fan in nije produksjesykus. It stoarten en ferbrânen fan ôffal wurdt ekstra belêste.
- De gemeente stimulearret de festiging fan bedriuwen dy't de begjinsels fan in sirkulêre ekonomy tapasse.
- De hûs-oan-hûsfersprieding fan printwurk wurdt ferfongen troch in opt-yn-systeem: je krije gjin folders of krantsjes krije, behalve as je dêr mei in stikker op 'e brievebus om freegje.
- De gemeente stimulearet de festiging fan Repair Cafés, dêr't boargers harren stikkene apparaten reparearje litte of leare kinne.

#### **Fersmoargjend ferkear beheine.**

Yn 'e mobiliteitsfraachstikken kieze foar duorsumens draget by ta in noflik leefklimaat en in goede luchtkwaliteit. It brûken fan fersmoargjend en lûd ferfier wurdt ûntmoedige, foarmen fan skjin ferkear wurde stimulearre.

- Troch besteande natuergebieten wurde gjin nije diken oanlein.
- Ferkearsdiken foar it motorisearre ferkear wurde troch de gemeente net mear oanlein of breder makke.
- De gemeente wurket oan skjinnere lucht troch it rydark yn 'e gemeente te beheinen. De gemeente stelt miljeusônes yn om fersmoargjend rydark keare te kinnen.
- Frachtferkear wurdt wêr't dat mooglik is keard út it sintrum en de wenkearnen. Oan 'e râne fan 'e gemeente komme oerslagpunten foar guod, wêrnei't fierder ferfier minder fersmoargjend plakfynt. Duorsum ferfier oer wetter wurdt stimulearre.
- De gemeente sil scooters, brom- en snorfytser stranger kontrolearje op útstjit, lûd en snelheid. De gemeente stelt in regeling yn foar de sloop fan fersmoargjende scooters, brom- en snorfytser, yn ruil foar in subsydzje foar de oanskaf fan in elektrysk eksimplaar.
- Om skoallen hinne en yn wenwiken wurde 30 km-sônes foar autoferkear ynsteld en wurdt trochgeand ferkear safolle mooglik keard.
- De gemeente hantearret differinsjearre parkeartariven op basis fan 'e grutte fan miljeufersmoarging fan 'e auto.
- De gemeente befoarderet de oergong nei elektrysk ferfier en ynvestearret yn foldwaande oplaadpunten. By dy oplaadpunten wurdt duorsum opwekke stroom brûkt.

#### **Fynmazich, tagonklik en duorsum ferfier.**

Goede berikberheid fan sintrum, wiken en de doarpen om 'e stêd hinne draget by oan 'e leefberens yn 'e gemeente. Mei in fynmazich en tagonklik iepenbier ferfiersnet wurdt it foar de boarger makliker om de auto stean te litten.

- It iepenbier ferfier is feilich, betrouber en tagonklik, ek foar minsken mei in beheining.
- By oanbesteging fan iepenbier ferfier is miljeufreonlikheid in wichtich kritearium.
- De gemeente soarget derfoar dat út alle wenkearnen wei de ûnderwiis- en soarchynstellings en de oerheidstsjinsten mei it iepenbier ferfier goed berikber binne.
- De gemeente ynvestearret yn feilige fytspaden en yn 'fytssneldiken' foar wen-wurkferkear. Besteande fytspaden wurde goed ûnderhouden.
- By drokke plakken lykas stasjons en yn 'e binnenstêd soarget de gemeente foar genôch en feilige mooglikheden om fytsen del te setten.
- Ferkearsljochten wurde sa ôfsteld dat fytsers en it iepenbier ferfier earder grien ljocht krije. Fytsferkearsljochten krije in timer.

- Treinstasjons wurde better tagonklik makke foar fytsers en krije genôch feilige fytsestellings.
- De gemeente ynvestearret yn in OV-fytssysteem dat diel útmeitsje sil fan alle treinstasjons en belangrike knooppunten fan it iepenbier ferfier.
- De gemeente fergruttet de Park & Ride-mooglikheden. Foar reizgers dy't fierder moatte mei it iepenbier ferfier wurde de P&R fasiliteiten fergees.



# Grien Ljouwert

**In griene omjouwing draget foar in grut part by oan in sûn en noflik bestean foar minsken en dieren. Yn in griene gemeente besparje wy enerzjy, hoege wy simmerdeis net te flechtsjen foar de hjitte fan opwaarme beton en hawwe wy minder lêst fan wetteroerlêst by swiere reinbuien.**

Wy hawwe mear natuer nedich yn stee fan minder. Troch yn grien te ynvestearjen yn en om de wenkearnen hinne, troch griene gebieten dêr't dat mooglik is mei-inoar en mei de natuer dêr omhinne te ferbinen, troch bioferskaat te befoarderjen krijt Ljouwert in natuerliker karakter.

## **Natuer behâlde en ferbine.**

Grienstripen, sleatten, plassen, parken en natuergebieten binne wichtich foar de leefberens. De Partij foar de Dieren jout natuer de prioriteit dy't sy fertsjinnet.

- Bouwe yn grien wurdt djoerder as bouwe yn read (gebiet mei in soad stien). It gemeentebestjoer jout allinnich tastimming foar bouwe yn it grien as der op kosten fan 'e projektûntwikkelder natuer foar werom komt dy't yn omfang trije kear sa grut is en fan in bettere ekologyske kwaliteit as it gebiet dat ferlern giet. De nije natuer wurdt realisearre en beoardield troch in ûnôfhinklike kommisje fan ekologen foardat it bouprojekt útein set.
- De gemeente krijt fia ynventarisasaasjes dy't alle jierren plakfine sicht op 'e oanwêzigens en fersprieding fan dieren en planten. De gemeente stimt har grienbelied ôf op 'e risseltaten fan dy ynventarisasaasjes.
- De oanlis fan natuerboartersplakken, skoaltunen en griene skoalpleinen wurdt stimulearre en stipe.
- Yn projekten dêr't de gemeente by opdrachtjouwer is wurde natuerdoelstellings steld, lykas de oanlis fan griene dakken, beammen en strûken yn 'e strjitte, nêstgelegenheid foar dieren en natuerboartersplakken foar bern. Sokke natuerdoelstellings wurde ek opnommen yn 'e bestimmingsplannen.
- It kappen fan beammen, it meanen fan wâlkanten en it útbaggerjen fan sleatten fynt allinne plak wannear't frij libjende dieren hjirtroch net ûntrêstige of deamakke wurde.
- Griene gebieten yn 'e stêd wurde mei-inoar ferbûn en mei de natuer bûten de stêd. De gemeente soarget by drokke diken foar de oanlis fan oerstekplakken of ûndertunneling foar dieren.
- Gemeente Ljouwert stimulearet it opsetten fan folkstúnprojekten mei de ynset fan wykorganen of skoallen.
- It pleatsen fan flearmûskasten en nêstkasten foar fûgels wurdt stimulearre.
- De Partij foar de Dieren wol de Skilkampen behâlde as unyk natuergebiet en wiist de plannen foar in brede trochfeart foar plezierboaten ôf.

## **Mear natuer yn 'e strjitte.**

Minsken mei natuer yn harren direkte omjouwing fiele harren noflik, sy binne minder faak siik en hawwe mear bining mei de buert. De oanwêzigens fan bijen, holders en flinters is in yndikaasje fan 'e ekologyske sûnens fan in buert. Beammen biede belangrike nêst- en skûlgelegenheid oan fûgels, flearmûzen en oare dieren.

- By nijbou wurde nêstplakken en sliep- en skûlplakken kreëarre foar dieren, lykas mosken, toerswellen en flearmûzen.
- De gemeente ynformearret har boargers oer it belang fan giffrij en bij- en flinterfreonlik op 'e tún wurkje.
- Boargers wurde stimulearre om harren tún natuerlik yn te rjochtsjen en net te ferhurdzjen.
- De gemeente befoarderet de oanlis fan geveltúntsjes troch boargers.

- De gemeente ûnderhâldt de iepenbiere romte sûnder dat se gif brûkt.
- It oanbod en it ferskaat fan pollen foar bijen, holders en flinters yn it iepenbier grien wurdt fergrutte. Stedstunen, bermen, grienstripen en parken wurde ynsiedde mei blommen.
- De beskerming fan beammen wurdt regele yn in beammennota of makket diel út fan it grienbelied. Hjir wurdt ek yn opnommen dat de gemeente tebekhâldend is mei it snoeien fan beammen.
- Beammen wurde better beskerme tsjin kap; it oanfreegjen fan in kapfergunning komt yn it plak fan 'e hjoeddeistige meldingsplicht.
- De gemeente befoarderet it werstel fan kultuerlânskippen, ûnder mear troch renovaasje of oanlis fan ikkerrânen en houtwâlen.

#### **Duorsume eveneminten.**

De Partij foar de Dieren fynt dat eveneminten in duorsum karakter hawwe moatte. Foar elk evenemint wurdt in ôfwaging makke, wêrby't de belangen fan dieren, natuer en miljeu swier mei wage.

- Yn in parkebelied wurdt per park en per sône oanjûn hoefolle en hokker eveneminten der plakfine meie en hoe't de organisatoren neiertiid bydrage oan it werstel fan it park.
- By it ferlienen fan in fergunning foar in evenemint komme de kosten fan it natuerwerstel foar rekken fan 'e organisator.
- De gemeente ferbiedt it ôfstekken fan fjoerwurk troch partikulieren. By eveneminten mei profesjonele fjoerwurkshows wurdt út de gemeente wei altyd om hanthavening fan 'e Flora- en faunawet frege.
- By eveneminten wurde gjin ballonnen of lampionnen oplitten.
- Grutskalige (muzyk)eveneminten lykas City Rock wurde leaver op pleinen of binnen organisearre en net yn parken.

#### **Iten út 'e buert.**

De Partij foar de Dieren wol lânbou yn en om de stêd stimulearje om bern én folwoeksenen wer sjen te litten wêr't iten wei komt. Fan in duorsume pleats krekt bûten de stêd oant de dakikers: stedslânbou is in ûnmisber part fan ferantwurde iten.

- De gemeente kreëarret mooglikheden om yn 'e stêd iten te produsearjen troch biologyske stedslânbou. Foar biologyske boeren út 'e streek wurdt it ienfâldiger om harren produkten streekrjocht yn 'e stêd oan te bieden.
- Skoallen wurde stipe by it ynrjochtsjen fan in skoaltún, sadat bern de kâns krije om sels iten te telen. As dat nedich is, stelt de gemeente hjir grûn foar beskikber.
- Gif-yntinsive teelt (lykas bolleteelt) wurdt ward, foaral yn 'e buert fan wen- en natuergebieten.
- De gemeente wurdt gentschfrij.

# Dierfreonlik Ljouwert

**In dierfreonlike gemeente ynvestearet ék yn it wolwêzen fan dieren. Under mear troch Ljouwert sa yn te rjochtsjen dat der plak is foar dieren, oft se no yn it wyld libje, of by minsken yn 'e hûs.**

Minsken libje mei dieren. Yn hast de helte fan 'e húshâldings is in hûn of kat part fan it gesin. Yn totaal libje der omtrint 30 miljoen húsdieren yn ús lân. Húsdieren en oare dieren binne libjende wêzens, gjin ding dat je graach ha wolle, boartersguod of produksjemiddel. Se fertsjinje dêrom ús beskerming. Dat betsjut dat ek de gemeente foar harren opkomme moat wannear't harren belangen skeind wurde.

De Partij foar de Dieren fynt dat dieren net samar foar alle doeleinen brûkt wurde meie. De gemeente moat hieltyd in ôfwaging meitsje tusken de negative gefolgen foar it dier en de belangen fan de minsk. Mooglike negative gefolgen foar dierewolwêzen moatte dêrby swier wage.

## **Goede soarch foar húsdieren.**

De Partij foar de Dieren fynt dat der foar Gemeente Ljouwert in ferantwurdlikheid weilein is om in gedegen húsdierebelied te fieren.

- Dierbeurzen en dieretentoanstellings binne net tastien.
- Dierewinkels wurde oanmoedige om te stopjen mei de ferkeap fan dieren. Sy kinne harren klanten yn stee dêrfan nei in opfangsintrum yn 'e buert trochferwize.
- Binnen de beboude kom moatte genôch útlitplakken en gebieten dêr't hûnen losrinne wêze.
- By it oanwizen fan lokaasjes foar gebieten dêr't hûnen losrinne kinne of útlitplakken wurdt rekken holden mei de natuerwearden fan dy lokaasje, ûnder oaren de bisten dy't yn it wyld libje. Yn of tichteby Natura 2000-gebieten (De Grutte Wielen of De Alde Feanen) of oare kwetsbere natuergebieten wurde gjin gebieten kreëarre dêr't hûnen losrinne kinne.
- Gemeente Ljouwert heft gjin hûnebelesting.
- Yn har belied foar minima nimt Ljouwert op dat minsken mei in bytsje jild oanspraak meitsje kinne op in temjittekomming by needsaaklike bistedokterskosten.
- By kaden en grêften wurde foarsjenningen troffen sadat dieren dy't yn it wetter reitsje in kâns hawwe om op 'e kant te kommen.

## **It stypjen fan opfangsintra.**

De opfang fan dieren dy't swalkjend oantroffen binne is in wetlike taak fan 'e gemeente. Nettsjinsteande dy wetlike soarchplicht hawwe de measte diereasilen it dreech om de holle boppe wetter te hâlden, al wurkje alle frijwilligers noch sa hurd.

- De gemeente draget genôch by oan 'e kosten foar fersoarging fan dieren yn diereasilen.
- De gemeente draget by oan 'e opfang en it ferfier fan dieren dy't yn it wyld libje wannear't dy bygelyks troch ferwûnings fersoarge wurde moatte.
- Der wurde ôfspraken makke mei buorgemeenten oer in effisjinte, regionale gearwurking op it mêd fan diereopfang.
- Om identifikaasje fan (swalk)dieren makliker te meitsjen stimulearet de gemeente it chippen fan katten en hûnen.

## **Fee-yndustry oan bannen.**

De Partij foar de Dieren fynt dat der in ein oan 'e fee-yndustry komme moat. Minder dieren yn 'e yntinsive feehâlderij betsjut minder problemen foar natuer, miljeu en minsk en dierewolwêzen.

- De gemeente stiet gjin nije yntinsive feehâlderijen ta. Bestearde bedriuwen meie net útwreidzje.

- De gemeente stelt strange stank- en lûdsnoarmen op en hanthavenet dy. Der komme gjin dongfergêstingsynstallaasjes.
- De gemeente jout gjin subsydzje oan yntinsive feehâlderijen. Ek foar de fee-yndustry moat jilde dat de fersmoarger betellet en net de belestingbeteller.
- De gemeente kontrolearret frekwint oft de bedriuwen foldogge oan alle jildende regels en treedt by oertredings direkt hanthavenjend op.
- De gemeente ferplichtet bedriuwen om stâlen en bisteferbliuwen brânfeilich te meitsjen.
- Yn bestimmingsplannen wurde biologyske lânboubedriuwen en feehâlderijen befoardere.
- De gemeente befoarderet de greidegong foar lânbouhúsdieren. Foar bisten yn 'e greide komt der beskutting yn 'e foarm fan skûlstâlen, beammen en hagen.

#### **Dieretunen krije in oare funksje.**

- De Partij foar de Dieren pleitet derfoar om de funksje fan dieretunen te wizigjen. It wolwêzen fan it dier stiet foar ús boppe de winsk fan it publyk om de bisten goed sjen te kinnen. Leeuwarden Aqua Zoo wurdt omfoarme ta in (tydlike) opfang foar dieren dy't harren net yn harren oarspronklike leefgebiet hanthavenje kinne of dêr net yn weromset wurde kinne.
- De húsfestingseasken foar dieretunen wurde oanskerpe. Se moatte der op rjochte wêze om de natuerlike leefomstannichheden safolle mooglik te benaderjen.

#### **Wolwêzen sintraal op bernebuorkerijen.**

Bernebuorkerijen kinne pas in edukative funksje hawwe at bern dêr leare hoe't se mei bisten om gean moatte. It wolwêzen fan 'e dieren moat foarop stean.

- De gemeente stelt strange easken oan it wolwêzen fan dieren yn bernebuorkerijen. Dieren wurde yn steat steld harren natuerlike, soartspesifike hâlden en dragen út te oefenjen.
- Der wurdt in stranger fokbelied ynsteld: dieren dy't op 'e bernebuorkerij berne wurde, wurde net nei de slacht ôffierd.
- It fokbelied fan bernebuorkerijen wurdt oanpast oan 'e húsfestingskapasiteit.
- In bernebuorkerij moat beskikke oer in diplomearre dierefersoarger of tasichthâlder.

#### **Grinzen oan it brûken fan dieren.**

It wolwêzen fan dieren lit by folksspultsjes, keunstúterings, eveneminten, sirkussen en libjende kryststâlen faak te winksken oer. Dieren wurde in soad ferfierd, hawwe behelplike húsfesting en te lijen ûnder stress by it evenemint. De Partij foar de Dieren wol ôf fan it misbrûk en deadzjen fan dieren omdat it tradysje is, fermaak en moade.

- De gemeente ferlient gjin fergunning foar it brûken fan dieren of it tentoanstellen fan dieren by manifestaasjes, foar folksfermaak of by artistike eveneminten. Ek foar dieren yn kryststâlen wurdt gjin fergunning ferliend.
- Yn Ljouwert wurde allinne sirkussen sûnder dieren útnûge.
- De gemeente draget net finansjeel by oan eveneminten of moadeshows dêr't bûnt brûkt of showd wurdt en fasilitearret dy ek net. It gemeentebestjoer ropt winkels op om gjin bûnt mear te ferkeapjen.

#### **Yn it wyld libjende dieren wurde litte.**

Jacht en fiskjen fersteure it lykwicht yn 'e natuer en binne och sa dierûnfreonlik. Yn it wyld libjende dieren moatte sa folle mooglik wurde litten wurde.

- Yn it wyld libjende dieren wurde net deamakke. As it werklik nedich is om in dier te deadzjen, bygelyks omdat it diere lijt, leit de beslissing en de útfiering by de oerheid.
- De gemeente stiet gjin jacht op har grûn ta.
- De gemeente sil it fiskjen ûntmoedigje en wêr't dat mooglik is ferbieden.

- It brûken fan stikeltried yn natuergebieten wurdt net tastien. It stikeltried dat er al stiet wurdt fuorthelle.

**Previnsje yn stee fan bestriding.**

Yn stee fan bestriding fan dieren dy't oerlêst feroarsaakje soene, kiest Ljouwert foar previntyf belied.

- De gemeente giet eventuele oerlêst fan dieren tsjin mei previntive maatregels yn goed oerlis mei dierewolwêzensorganisaasjes en organisaasjes dy't terrein beheare.
- Mei previntyf romtlik belied wurdt tefoaren kommen dat guozzen oerlêst jouwe op plakken dêr't harren oanwêzigens gefaarlik wêze kinne soe. Sliep- en foerazjeargebieten sille ticht byinoar situearre wurde.
- Guozzen wurde mei net-deadlike middels ward út produksjegers- of winterweetfjilden en nei oantreklik makke gebieten lokke, lykas natuerterreinen mei in soad wetter, diken en net brûkte stripen lâns ûnferhurde diken.
- Projekten wêrby't ferwylderde húskatten fongen wurde, kastrearre en werom pleatst, wurde inisjearre en krije finansjele stipe.

# Soarchsum Ljouwert

In soarchsume gemeente makket har sterk foar fitale en kwetsbere wearden. Wat de gemeente docht – of net docht – hat direkt ynfloed op minsken, dieren en miljeu. Op it mêd fan duorsumens sil Ljouwert foaroprinne: troch oan 'e iene kant enerzjy te besparjen en tagelyk griene enerzjy op te wekjen, troch yn te setten op mear plantaardich iten en troch boargers te stimulearjen om sels better nei te tinken hoe't se mei harren omjouwing omspringe.

De gemeente is behearder fan maatskiplike foarsjennings dy't essinsjeel binne foar in mienskip dêr't boargers harren ûntploaie kinne en harren talinten ta bloei komme – sûnder dat te'n koste fan oaren giet. De gemeente had der in soad taken op it mêd fan sosjale soarch by krigen, lykas jeugdsoarch en de Wet Maatschappelijke Ondersteuning. Tagelyk is der fan it Ryk út hieltyd minder jild foar beskikber. De Partij foar de Dieren wiist dy besunigings en it ôfskoken fan lanlike taken op 'e gemeenten.

In soad minsken hoopje op lokale inisjativen út 'e boarger sels wei. Faak binne se harren fertrouwen yn 'e polityk kwytrekke. De gemeente kin positive, konkrete oplossings foar de boarger en de direkte leefomjouwing stypje. Tink oan inisjativen as mienskiplike, lokale, griene enerzjyopwekking en soarch yn 'e buurt. De gemeente moat it budzjet en de ynstruminten hawwe om de ferbettering fan kwaliteit fan libben foar har boargers te stypjen.

## Soarch op maat.

De Partij foar de Dieren fynt it wichtich dat soarch foar alderein, minsken mei in beheining, minsken dy't soarch nedich hawwe en bern yn 'e eigen wyk plak fine kin. Dat stimulearet de sosjale gearing en giet iensumens tsjin. Omtinken foar sûner iten en mear beweging kin helpe om sykte en ûngemak tefoaren te kommen en helpt sa by it tebekkringen fan 'e soarchkosten.

- De gemeente stimulearet in sûne libbenswize en set har yn foar in sûne en griene leefjouwing by soarchynstellings.
- Inisjativen dy't rjocht bin op preventive sûnenssoarch, lykas it tefoaren kommen fan iensumens by alderein, krije gemeentlike stipe. Wolwêzensfoarsjening- en inisjativen yn alle wiken wurde yn kaart brocht en stimulearre.
- Ljouwert soarget derfoar dat alle iepenbiere foarsjennings optimaal tagonklik makke wurde foar rolstoelbrûkers, blinen en minsken dy't min sjogge. De gemeente nimt yn 'e taksiferoardening op dat helphûnen talitten wurde moatte yn taksys.
- Ferpleechkundigen en fersoargjenden traine en begeliede mantelsoargers en soarchfrijwilligers yn 'e wyk.
- Wmo-oanfragen (stipe foar minsken mei in beheining) foar help- of terapydieren wurde ek toetst oan foarôf opstelde noarmen foar dierewolwêzen.
- By de útfiering fan 'e jeugdsoarch wurdt bern, jongerein en gesinnen dy't dit nedich hawwe passende en tagonklike soarch oanbean.
- Ljouwert stimulearet de bou fan mear-generaasjewennings sadat jongerein mei in beheining of alderein mei help fan harren famylje selsstannich wenje kinne .
- De gemeente helpt alderein en minsken dy't soarch nedich hawwe dy't nei in soarchynstelling ferhuzje om harren húsdier mei te nimmen, behalve as dit net yn it belang fan it dier is. Ynformaasje oer wensintra foar alderein dêr't húsdieren talitten wurde, wurdt yn 'e gemeentegids opnommen.

## Gelikense kânsen.

De Partij foar de Dieren fynt dat de gemeente in wichtige taak hat yn it garandearjen fan 'e gelikens fan boargers. Der moat fûl optreden wurde tsjin alle foarmen fan diskriminaasje. Boargers moatte der fan op oan kinne dat de gemeente harren privacy garandearret.

- Gemeente Ljouwert ynvestearet yn 'e emansipaasje fan lesbiennes, homo- en biseksuelen en transgenders en minsken mei in yntersekse-kondysje (LHBTI-ers) op skoallen, by sportferienings, soarchynstellings en yn multikulturele en religieuze rûnten.
- Foar demonstraasjes nei oanlieding fan aktuele barrrens wurdt de oanmeldtermyn koarter makke.
- De oanmeldingsplicht foar lytse demonstraasjes wurdt ôfskaft.
- De boarger krijt mear ynspraak. It riedjouwend referindum krijt in plak by belangrike besluten.

### **Feiligens.**

De Partij foar de Dieren wol in mienskip dêr't elk frij is om te libjen sa't er wol. Mar de frijheid fan 'e ien mei net te'n koste gean fan oare minsken of fan dieren, natuer of miljeu.

- Der komt in lokaal meldpunt dêr't misstannen op it mêd fan natuer en miljeu ek anonym meld wurde kinne.
- De gemeente biedt leechdrompelige tagong ta krisisopfang by húslik geweld.
- Omdat dieremishanneling faak oan húslik geweld foarôf giet komt der in meldpunt foar beide foarmen fan geweld.
- Tafersjoch, hanthavening en ferfolging by dierewolwêzens-, natuer- en miljeusaken steane standert op 'e wurklist yn it trijehoeksoerlis tusken boargemaster, lepenbier Ministearje en de plysje.
- De gemeente set kamertafersjoch allinnich tydlik yn en pas neidat in rjochter it gebiet oanwiisd hat as risikogebiet.
- Previntyf fouilleare mei allinnich as tydlike maatregel en by (oantoande) grutte risiko's op geweld of fersteurings fan 'e oarder. De risseltaten wurde nei elke maatregel evaluearre.
- Twongen prostitúsje en minskehannel wurde hurd oanpakt.
- De ferkeap fan softdrugs yn koffeesjops is tastien. De oerheid ljochtet boargers foar oer de risiko's fan it brûken fan softdrugs foar de sûnens.

### **Talinten benutte.**

It tanommen wurktempo en de needsaak om altyd mar wer prestearje te moatten soarget foar stress. Net alle wurknimmers kinnen of wolle de ekonomyske wedstryd byfytse. Minsken mei in beheining binne ekstra kwetsber. De gemeente foarkomt dat minsken net bûten de boat falle en helpt by it finen fan wurk.

- Byopliedings- en weropliedingskursussen wurde oanmoedige en fasilitearre troch de gemeente, ek troch it oanbieden fan staazjeplakken.
- Minsken dy't lang wurkleas binne wurde stimulearre om maatskiplike taken te ferfoljen.
- De gemeente fiert in belied om ek minsken mei in (arbeids)beheining yn tsjinst te nimmen.
- Sosjale wurkplakken bliuwe behâlden sadat minsken ticht by hûs wurk dwaan kinne, op harren eigen nivo en mei goede begelieding.
- Jongerein sûnder baan wurkje oan bettere kânsen op 'e arbeidsmerk yn wurkgelegenheidsprojekten, ûnder mear yn 'e soarch en biologyske (steds)lânbou.
- Utkearingsregels wurde sa oanpast dat wurkleazen frijwilligerswurk dwaan kinne en staazje rinne kinne, ek as dy aktiviteiten net direkt rjochte binne op in weromkear op de arbeidsmerk.

### **Kultuer en ûnderwiis.**

Skoallen drage by oan 'e persoanlike ûntjouwing fan minsken. Kultuer soarget foar in ferriking fan it libben. Beide stean foar de immateriële wearden dy't de Partij foar de Dieren wichtich fynt.

- De gemeente stimulearet dat basisskoallen en middelbere skoallen omtinken jouwe oan natuer, miljeu en (it wolwêzen fan) dieren.

- Gemeente Ljouwert ynvestearet yn maatskiplike foarsjennings lykas sportakkomodaasjes, skoalswimme en sportlessen en yn kulturele foarsjennings lykas biblioteken en musea.
- Ljouwert befoarderet werbestimming fan monuminten. Sloop fan (kultuer)historysk weardefolle pannen moat tsjinholden wurde.
- De gemeente stelt kultuerhistoryske en archeologyske weardekaarten op.